



FINZEN OP FJIRTJIN HEECH

(The Prisoner of Second Avenue)

In komeedzje fan

NEIL SIMON

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **FINZEN OP FJIRTJIN HEECH - THE PRISONER OF SECOND AVENUE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2003 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Mel, in man fan tsjin de fyftich

Edna, syn frou, selde leeftiid

Pauline, syn suster

Pearl, syn suster

Jessie, syn suster

Harry, syn âldste broer

DEKOR:

In flat, fjirtjin heech, yn ien fan dy prozayske nije flatgebouwen, dy't as poddestuollen opsjitte yn it te djoer advertearre East-side yn New York. Dizze stiet yn de Second Avenue yn de net botte riant húsnummers boppe de 80. De direksje neamt it in 5 en 1/2 keamerflat. Wat wy der fan sjen kinne is de wen – ytkeamer, in lyts keukentsje sûnder ruten en sûnder fentilaasje dat fêst sit oan de ytkeamer. In iepenslaande doar nei in lyts balkon of terras oan de sitkeamer fêst, en in gonkje nei twa sliepkeamers en in badkeamer. Dizze wenning is de lêste seis jier it hûs west fan Mel en Edna Edison. Se tochten dat se hjir alle lúkse en komfort fan de knappe, sjike east – side krije soene. Wat se yn werklikheid krigen ha binne muorren sa tin as papier en útsicht op 5 flatgebouwen dy't heech boppe harres útstekke.

EARSTE BEDRIUW

(at it doek iepengiet is it toaniel tsjuster. It is healwei trijen moarns betiid. In waarme simmerdei is krekt oanbrutsen. It is stil. Mel Edison, yn piama, keamerjas en slippers sit allinne op de lytse sofa, rookt in sigaret. Hy wriuwyt yn syn gesicht, kochelt dan)

MEL: O, Kristus, leave God. *(ljocht yn de sliepkeamer. Edna, syn frou, ferskynt yn har nachtjapon)*

EDNA: Wat is der?

MEL: Neat.

EDNA: Hin?

MEL: Der is neat, gean mar wer op bêd.

EDNA: Witst it seker?

MEL: Ik wit it seker. Gean op bêd. *(Edna draait har om en giet werom nei de sliepkeamer)* Oh, God, God, God. *(Edna komt werom, docht de keamerjas oan. Drukt op it ljochtknopke. It ljocht yn de keamer giet oan)*

EDNA: Wat is der? Kinst net sliepe?

MEL: At ik sliepe koe, soe ik hjir dan om healwei trijen yn de nacht "God, God" sitte te roppen?

EDNA: Wat is der?

MEL: Witst dat it dêr binnen 10 graden ûnder nul is? 23 july, we sitte midden yn in hjittegolf, mar dêr friest it.

EDNA: Ik ha dy sein, set de airconditioning út.

MEL: En hoe krije we dan lucht? *(wiist nei it rût)* Bûten is 't 30 graden. 30 graden bûten, -10 binnen. Wêr't ik ek bin, fout sit ik altyd.

EDNA: We kinne de airconditioning oanstean litte en it rût iepen sette. *(se rint nei de keuken)*

MEL: Sa wurket dat net. At waarme lucht in iepen rût sjocht slûpt it nei binnen.

EDNA: We kinne de airconditioning in oere útsette. At it dan te hyt wurdt sette we 'm wer oan. *(komt foar 't ljocht wylst se út in pot appelsmots yt)*

MEL: Om it oere? Sân kear elke nacht? Dat is in goed idee. Dan kin ik hieltyd sawat 8 minuten sliepe tusken de airconditioning troch.

EDNA: Ik doch it wol, ik gean der wol ôf.

MEL: Ik ha dy wol hûndert kear sein datst belje moast. Dy airconditioning docht it al twa jier net goed.

EDNA: Ik ha belle. Der is ien by west en dy koe der neat oan fine.

MEL: Neat oan fine? Ik set 'm op "leech" en it friest godferdomme.

EDNA: *(giet sitten, suchtet)* It is net -10, Mel, it is kâld, mar net -10.

MEL: Okee, -8, -1, +2. Mar it is gjin 20, 21 graden. Temperatuer foar in normaal minske.

EDNA: *(giet op de sofa sitten en seit)* Ik sil moarn wol wer belje.

MEL: Wêrom stiet der yn godsnamme “heech” en “leech” op. It is allegear heech. Leech is heech. Midden is heech. Ik sil ‘m aansen es op heech sette. Kin se ús der moarn mei in flammewerper útbrâne.

EDNA: Wat wolst dat ik doch, Mel? Wolst dat ik ‘m útset? Wolst dat ik ‘m oan lit? Sis wat ik dwaan moat.

MEL: Sliepe.

EDNA: Ik kin net sliepe atsto sa spand bist.

MEL: Ik bin net spand, ik bin beferzen. *(hy giet op de sofa sitten)*

EDNA: Do bist spand. Jûn doe’tst thús kaamst al. Do bist de hiele wike al spand. Wolst hjir leaver sliepe? Ik kin de tekkens wol op de bank lizze.

MEL: Je kinne der net iens op sitte. *(pakt in lyts kessentsje achter him)* Wêrom litst dy rotkessens der ek op lizze? Betellest 800 dollar foar in bankstel, mar je kinne der net op sitte omdatst fan dy rotkessens yn de rêch skood krijst. *(hy goait ien fan de kessens op de grûn)*

EDNA: Ik helje dy kessens der wol ôf.

MEL: Edna, gean asjebleaft op bêd, ik kom sa.

EDNA: It komt net fan dy airconditioning, it komt net fan de kessens, it is wat oars. Der sit dy wat dwers. Ik kin dit fan dy. Wat is der, Mel?

MEL: *(wriuwt mei de hannen yn syn gesicht)* Neat, ik bin wurch. *(hy giet oerein, rint nei de doar fan it balkon)*

EDNA: Ik bin no doch wekker, Mel, kinst it my no likegoed sizze.

MEL: Der is neat, sis ik. Ik wit it net. Fan alles. It is dizze flat, dit gebou, de stêd. Harkje. Harkje es. *(hy docht de balkondoar iepen. We hearre it lawaai fan getoeter, motors, ferkear ensafuorthinne)* Healwei trijen nachts. Der riidt in auto by Jackson Heights en wy kinne ‘m hjir hearre. Fjirtjin heech. Ik hie tocht dat it hjir stil wêze soe. Mar ik hear de metro hjir better as at ik der yn sit. We binne godferdomme krekt in antenne. Alle lawaai giet nei boppen troch dit gebou en dan stjoere wy it de stêd oer.

EDNA: We wenje hjir al seis jier, it hat dy noch noait hindere.

MEL: Mar no wol, ik wit net wêrom. Ik wurd âlder, ik wurd gevoeliger foar gelûd, foar lawaai, och, fan alles. *(hy docht de doar ticht, besjocht himsels)* Sjochst dat? Ik ha dy doar tsien sekonden iepen hân, en no kin myn piama yn ‘e wask.

EDNA: *(docht alles om him goed te stimmen)* Jou mar, ik sil in skjinnen pakke.

MEL: *(trêdet op en del)* Healwei trijen nachts. En dat giet mar troch hjirneist. *(hy wiist nei de muorre)*

EDNA: Wat giet er troch?

MEL: Stekst my de gek oan? Woest soms beweare datst dat net hearst?

EDNA: *(yn de war)* Wat hearre?

MEL: *(tichterby de muorre, noch hieltyd wizend)* Dat! Dat! Wat is der, bist dôf? Hearst dat net?

EDNA: Miskien bin ik wol dôf. Ik hear neat.

MEL: Harkje! Jezus, hearst dy “raindrops” net op syn kop fallen? *(sjongt)* tadum, tadum, tadum, two big freezed feet. Hearst dat net?

EDNA: Atsto stiest te sjongen net nee. Ik hear neat.

MEL: *(stoarret nei de muorre)* It bin dy beide truttige Dútse stewardessen. Elke nacht ha se in oaren. Twa basketballers, twa hockyers, wat foar soort sportploech der ek yn de stêd is, oft se winne as ferlieze, úteinlik komme se by har telâne. Elke nacht, ferdomme. Ergens yn de neare nacht fljocht in Boeing wêr’t de passazjiers harren sels rêde moatte omdat dy beide jonges noch net fan doel binne om fuort te gean. *(grypt Edna)* Kom hjir. Hearst dat no wier net? *(leit har holle tsjin de muorre)*

EDNA: Ja, no hear ik it.

MEL: Sjochst no wol! Is ‘t in wûnder dat ik nachts net sliepe kin?

EDNA: *(rint fuort)* Gean dan net mei de holle tsjin de muorre oanlizzen. Gean op bêd en sliep dêr.

MEL: Hee, hâldt es op dêr, it is ferdomme healwei trijen! *(hy bonket tsjin de muorre, sjocht der nei, wiist nei de muorre)* Sjoch es, ik ha der in skuor yn slein. Ik ha ‘m kwalik rekke, mar der sit in skuor yn dat kring.

EDNA: Der siet al in skuor yn. Der sit ergens in lek. Ien fan de buizen boppe is stikken.

MEL: In gebou fan twa miljoen dollar, mar je meie de muorren net oanreitsje. Noch in gelok dat ik gjin skilderijen ophongen ha. Dat hie ús it libben wol kostje kinnen.

EDNA: Se witte derfan. Moandei komme se om it te meitsjen.

MEL: *(hy giet sitten)* Moandei pas? Moarn. Ik wol dat dy muorre moarn makke wurdt. It is levensgefaarlik. En se sille dy muorre opnij fervje, en at it net by it oare kleuret, fervje se de hiele keamer, en at dat net kleuret, dan fervje se de hiele flat. En se moatte der mar net op rekkenje dat ik der foar betelje.

EDNA: Ik sil it har sizze. Ik sil it har sizze.

MEL: En sis it dan ek fan dy airconditioning en fan it rût yn de keamer dat oars net iepen kin as at it reint, en dat it dan net wer ticht wol, oant hjir in plasse wetter stiet, en sis dan ek dat de WC trochrinnen bliuwt.

EDNA: Atst der oan skoddest rint er net troch.

MEL: Wêrom moat ik der oan skodzje? Ik betelje hjir in dikke hier, en moat ik dan midden yn de nacht oan in WC - pôt stean te skodzjen, at ik pisje moat?

EDNA: Sis it dan mar tsjin my atst klear bist, dan skodzje ik der wol oan.

MEL: *(draait him om, stoarret har oan)* Gean op bêd, Edna. Ik wol no net mei dy prate. Wolst asjebleaft op bêd gean?

EDNA: Ik kin net sliepe atsto hjir omrinst mei sa'n eangstoanfâl.

MEL: Ik ha gjin eangstoanfâl, ik bin in bytsje spand.

EDNA: Wêrom nimst dan gjin falium?

MEL: Dat ha 'k al dien.

EDNA: Nim dan noch ien.

MEL: Ik ha al twa hân. Se helpe net mear. *(hy giet op in stoel sitten)*

EDNA: Twa falium? Dat moat helpe.

MEL: Se helpe net mear, sis ik. Je moatte der doch kalm fan wurde, net? Bin ik kalm? Se helpe net mear. Nei alle gedachten dogge se der neat mear yn. Se litte dy fjirtjin dollar betelje foar it wurd falium allinne. *(slacht op de muorre)* Fleane jim dan noait ergens hinne? Fleane nei Europa en hâldt dêr ien út de sliep. *(hy slacht wer mei de fûst op de muorre)*

EDNA: Hâldt op, Mel, do wurkest op myn senuwen. Wat is der, is der wat gebeurd? Sit dy wat dwers?

MEL: Wêrom wenje wy yn sa'n hûs? Wêrom betelje wy elke moanne hûnderten dollars foar in eidop dy't lek is.

EDNA: Ik fyn datst der net goed útsjochst, Mel. Do bist bleek en oeral.

MEL: Ik wie ek net myn bedoeling om der ôf te gean. *(hy wriuwst oer de mage)*

EDNA: Wêrom wriuwst oer de mage?

MEL: Ik wriuw der net oer, ik hâld him fêst.

EDNA: Wêrom hâldst de mage fêst?

MEL: Neat, in bytsje 't soer. It is dy troep dy't ik by 't iten hân ha.

EDNA: Wêr hast iten?

MEL: Yn in reform restaurant. Atst gjin reform mear ite kinst, wat kinst dan yn Godsnamme noch wol ite?

EDNA: Do hast gewoan honger. Sil ik wat foar dy klear meitsje?

MEL: Neat is mear feilich. Ik lies hjoed yn de krante dat twa wite mûzen oan de Columbia Universiteit kanker krigen ha fan Grahamcrackers. It stie yn de New York Times.

EDNA: Sitst dêr oer te pikerjen? Hast hjoed Grahamcrackers hân?

MEL: It iten wie froeger sa goed. Ik wie gek op iten. Ik ha gjin iten mear sjoen sûnt ik trettjin wie.

EDNA: Wolst wat ite? Sil ik wat foar dy klear meitsje? Ik wit noch wol hoe't se dat diene.

MEL: Ik ha al tritich jier gjin goed stik bôle mear hân. At ik dat witten hie, hie ik as bern in pear broadsjes bewarre. Ik krij hjir gjin lucht. (*hy rint nei it terras, komt dan werom*) Jezus, wat in stank. Fjirtjin heech, en je kin hjir de smoargens rûke. Wêrom sette se dy troep bûten by in temperatuer fan 30 graden? Edna, kom hjir, ik wol datst de smoargens rûkst.

EDNA: Ik rûk it, ik rûk it.

MEL: Dêrwei kinst it net rûke, kom hjir, hjir rûkst it.

EDNA: (*rint nei de râne fan it balkon en sykhellet*) Do hast gelyk, atst it echt rûke wolst moatst hjir stean.

MEL: Dit lân wurdt bedobbe ûnder syn eigen ôffal. It steapelt mar op, heger en heger. Oer trije jier leit dizze flat op de twadde ferdjipping.

EDNA: Wat moatte se dan, Mel? It bewarje en earst by 't winter bûten sette? Se sille it doch no en dan fuortsmite moatte, dêrom hyt it ek ôffal.

MEL: Mei dy is net te praten, mei dy kin 'k net mear prate.

EDNA: Mel, ik bin in minske, krekt as do, ik ha 't waarm, ik ha 't kâld, ik rûk it ôffal, ik hear it lawaai. Je beslute om der mei te libjen of je gean fuort. (*ynienen gûlt en blaft der in hûn*)

MEL: Atst in minske bist dan hâldst it rjocht om te kleien en te protestearjen. Atst dat rjocht opjoust bestiest net mear. Ik protestearje tsjin stjonkend ôffal, skodzjende WC 's en blaffende hûnen. (*hy skreaut oer it balkon*) Stil, godferdomme!

EDNA: Bliuwsto hjir tsjin dy hûn stean te skreauwen? Want ik gean op bêd. (*de hûn gûlt wer*)

MEL: Hoe kinst sliepe at der ûnder it rût in hûn stiet te blaffen. (*de hûn gûlt wer. Mel giet nei it balkon en skreaut nei ûnderen*) Sis tsjin dy hûn dat er 'm de bek hâlde moat. Wy wolle sliepe. Goede God noch oan ta.

STIM FAN BOPPEN: Wolle jo stil wêze? Hjir lizze bern op bêd!

MEL: (*ropt nei boppen*) Skreau ferdomme net tsjin my. Atst rûzje sikest, kom dan nei ûnderen, en gean neist dy hûn stean.

EDNA: Mel, hâldt dêr mei op. Hâldt op, yn Godsnamme.

MEL: (*komt yn 'e hûs, skreaut tsjin Edna*) No moatst net sizze dat ik ophâlde moat. Do hast net te sizzen dat ik ophâlde moat.

EDNA: Ik wit net wat der mei dy is, mar ik kin 't net oanhearre datsto my de skuld joust. At it dy tefolle wurdt, nim dan in keamer yn de bibleteek, mar jou my de skuld net. Ik gean op bêd, sliep lekker. (*se draait har lilck om en rint nei de sliepkeamer. Se is hast by de doar at Mel har ropt*)

MEL: Edna. (*se bliuwt stean en draait har om*) Net fuort gean. Praat noch even mei my. Ik leau dat ik gek wurdt. (*se bliuwt stean en sjocht*)

him oan, se rint nei him ta)

EDNA: Wat is der?

MEL: Ik ha der gjin fet mear op. Ik bin yn ûntbining.

EDNA: Do hast de lêste tiid min sliept.

MEL: Ik wit soms net mear wêr't ik bin. Ik rin op Madison Avenue en ik tink dat ik yn in frjemd lân bin.

EDNA: Ik kin dat gefoel, Mel.

MEL: It is gjin gefoel. 't Is as oft der wat mei my gebeurt. Ik ha it net mear ûnder kontrôle. Ik kin de dingen net mear fêst pakke. De telefoan op myn buro rattelt acht kear foar't ik 'm opnim. Hjoed wie 'k fergetten hoe't de kofje-automaat wurket. Ik stie dêr mei in leech bekerke yn de hân, wylst de kofje my oer de skuon rûn.

EDNA: Dat hasto net allinne, Mel, dat hat elkenien. Elkenien fielt tsjintwurdich de spanning.

MEL: Spanning? Om spanning fiele te kinnen joech ik sa tûzen dollar oan in goed doel! Atst spand bist dan sitst der boppe-op. Dan hast wat fêst. Ik kin neat mear fêst pakke. Edna, ik glydzje fuort. Ik bin bang.

EDNA: Sa moastst net prate. Atst no wer es nei de psychiater gongst?

MEL: Wa? Dokter Pike? Dy is dea. 6 jier fan myn libben, 23.000 dollar. Hy hie myn jild binnen, dus wat koe 't him skele. Hy siet der net mei dat er in hertoanfâl krige.

EDNA: Der binne noch oare goede dokters. Do kinst nei in oaren gean.

MEL: En wer helendal fan foaren ôf begjinne? Goeiendei, gean sitten. Sizze jo it mar es. Dat kostet wer 23.000 dollar allinne om de dokter te fuorjen mei ynformaasje dy't ik al oan dy deade dokter jûn ha.

EDNA: In koarte behanneling, miskien hast allinne mar ien noadich om es mei te praten.

MEL: Ik wit net mear wa of wêr't ik bin. Ik bin oan it ferdwinen, Edna. Ik hoech net nei in psychiater, ik moat nei "gevonden voorwerpen".

EDNA: Harkje, harkje. Atst der es in pear wike tuskenút giest? Twa wike fakânsje, ergens yn de sinne, bûten. Do kinst doch twa wike sykteferlof nimme?

MEL: *(hy is stil. Hy rint nei it rût, sjocht nei de plant)* Sels de kaktus giet dea. De taaiste plant fan de wrâld, hoecht mar twa kear yn 't jier wetter, mar hjir krijt er gjin poat oan de grûn.

EDNA: Mel, jou antwurd. At we es fuortgongen. Kinst net twa wike frij freegje.

MEL: *(skinkt himsels in glês whisky yn)* Ja, ik kin twa wike frij freegje. Wat my allinne dwers sit is, dat se my freegje sille om dy oare fyftich wiken ek frij te nimmen. *(hy nimt in slok)*

EDNA: Wat? Hoe bedoelst? Do wurkest der al 22 jier. Mel, is dat it? Is

dat wat dy dwers sit? Makkest dy soargen oer dyn wurk, datst dyn baan kwytrekkest?

MEL: Net oer dat ik 'm kwytreitsje. Ik meitsje my soargen oer hoe't ik 'm hâld. Kwytreitsje is maklik genôch.

EDNA: Is der wat gebeurd? Ha se wat sein?

MEL: Se hoege neat te sizzen. Se sitte mei in ferlies fan trije miljoen. Ynienen sjogge se wêr't se besunigje kinne. De vice-presidint fan myn ôfdieling brûkt no al trije wike deselde paperclip. In man fan 32 mei in dûbele wenning op Park Avenue, en ek noch ien yn Southampton, dy't troch it kantoar rint te roppen: "Wêr is myn paperclip?"

EDNA: Mar se ha neat spesjaal tsjin dy sein?

MEL: Se ha de kantine foar it heger personiel sluten. Gjinien giet mear de stêd yn om iten, se nimme allegear in hapke mei fan hûs. Topminken, dy't achttûzen dollar fertsjinje, stean broadsjes mei aai te iten boppe de prullebak.

EDNA: Mar der is doch neat gebeurd, Mel. Neat om dy soargen oer te meitsjen.

MEL: Der komt gjinien mear te let. Se bin allegear bang dat har buro yntiid ferkocht is, at se net op tiid komme.

EDNA: En at se dat es diene? Wy soene ús doch wol rêde, net? Do fynst wol oar wurk.

MEL: Wêre? Yn jannewaris wurd ik 47 jier. 47. Se kinne twa jonges fan 23 en in heal krije foar de helte fan myn lean.

EDNA: Goed, stel der gebeurt wat. Stel, se jouwe dy dien. Dat is net de ein fan de wrâld. We hoege net yn de stêd te wenjen. We kinne ferhúzje nei bûten de stêd, of sels nei it westen.

MEL: En hoe kom ik dan oan de kost? Moat ik in A.O.W. cowboy wurde? Litte se my faaks it fee by elkoar driuwe dat rjocht op pensjoen hat? Wat hasto?

EDNA: De famkes bin no op skoalle, we ha genôch sparre sadat se dat ôfmeitsje kinne. En tegearre kin we mei in bytsje ta.

MEL: Je moatte in hûs ha om yn te wenjen, je moatte klean ha, je moatte iten ha. In blikje fersmoarge fisk kostet noch altyd 85 sinten.

EDNA: We kinne nei Europa gean, nei Spanje. Dêr kinst mei syn beiden libje fan 1500 dollar yn 't jier, yn Spanje.

MEL: (*knikt*) Spanjoalen ja. Ik bin 47 jier mei arthritis yn 't skouder en hege bloeddruk. Wolst dat ik geitefokker wurd en yn in hoal wenjen gean?

EDNA: Do kinst dêr wurk sykje, in soort baan krije of sa.

MEL: As advertinsje akkountmanager yn Barcelona? Tinkst dat se dêr op sa'n ien sitte te wachtsjen?

EDNA: (*lilk*) Wat is hjir dan wêr'tst net bûten kinst? Wat soest dan sa ferskriklik misse, yn fredesnamme.

MEL: Myn libben is noch net oer. Ik ha noch wat yn myn mars. Ik kin noch wol wat.

EDNA: Wat foar libben is dit dan. Do likest wol in bist, opsluten yn de bistetún fan Second Avenue. Te waarm yn de iene keamer, te kâld yn de oare. Ofsetten en oplichten foar in bult oan de sydkant fan it gebou, dat se in balkon neame, en wêr't noch gjin kaktusplant op stean kin, lit stean twa minsken. Neamst dat in libben, dat de muoite wurdich is? Tsjin de muorren slaan, en oan de WC - pôt skodzje.

MEL: (*skreaut*) Tinkst dat it better is yn it sinnige Spanje? Atst ien kear yn see swimst, bist fierder de hiele simmer dwaande om de oalje fan dy ôf te skrabjen.

EDNA: Spanje dus net, mar der bin noch mear plakken wêr'tst wenje kinst.

MEL: Maine? Vermont miskien? Tinkst dat it allegear molke en huning is? Se ha dêr mear Leger des Heilssoldaten as koppen sop. Washington, Oregon, wurkleaze houthakkers sitte dêr de poaten ûnder har eigen stuollen wei te seagjen, dan ha se teminsten wat te dwaan.

EDNA: Ik gean oeral op de wrâld hinne wêr'tsto hinne giest, Mel. Ik wol yn in hoal wenje, yn in hut of yn in beam. Ik wol op in flot wenje, yn it oerwâld fan de Amazône, atsto dat wolst.

MEL: Okee, belje in reisburo. Nim twa toeristekaartsjes nei Bolivia. Moarn gean we nei Abercrombie en keapje twa tropehelmen en in dûbelloops jachtgewear.

EDNA: Doch net krekt oft ik gek bin.

MEL: Ik bin it al heal, do kinst my likegoed ynhelje.

EDNA: Ik doch dy redelike foarstellen. Ik bin net ferantwurdlik. Ik bin net deselde dy't dy dit oandocht.

MEL: Dat ha 'k ek net sein. Edna.

EDNA: Wat wolst dan fan my? Wat wolst dan fan wa dan ek?

MEL: (*ferberget syn gesicht yn de hannen*) In bytsje romte om te sykheljen. Even mar. (*de telefoan giet. Mel sjocht nei Edna*) Wa kin dat wêze? (*Edna skoddet de holle dat se it net wit*) It sil it kantoar doch net wêze, wol?

EDNA: Kertier foar trijen?

MEL: Miskien ha se de nachtportier frege om my dien te jaan, dat skeelt in dei lean. (*de telefoan bliuwt ratteljen*)

EDNA: Nim op, Mel. Ik bin senuwachtich.

MEL: (*nimt op*) Hallo... Ja... ja... mei 14a... wat dan? ...Wat? ... hâld ik jo út 'e sliiep?! Wa ferdomme tinke jo dat my út 'e sliiep hâldt... sadat

ik jo út 'e sliiep hâldt... Soa, dus jo moatte moarnier it fleantúch nei Stuttgart helje... Ik praat sa lûd as ik wol. Ik ha dizze flat net yn ûnderhier. Ik bin wettich Amerikaansk steatsboarger... gean jo gong... slaan mar op de muorre, krije jo krekt sa'n ien werom op de muorre. *(leit de hân oer de hoarn, tsjin Edna)* At se op de muorre slaan, wol ik datst werom slachst.

EDNA: Mel, wat bist fan doel? *(oan de oare kant fan de muorre wurdt lûd kloppe)*

MEL: Okee, slaan werom.

EDNA: Mel, it is kertier foar trijen. Lit se gewurde. We gean op bêd.

MEL: Wolst werom slaan?

EDNA: At ik werom slaan sille sy ek werom slaan.

MEL: Slaan werom!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto